

Arke Blogs

Fan 1 juny oant 7 july 2011 mocht ik op de skriuwersarke fan Rink van der Velde útfanhûzje. Yn dy tiid ha ik wurke oan myn boek 'Op ús eigen wize. Oer folken, talen en kultueren yn it bibelboek Hannelingen fan 'e apostels'. Mar ik ha yn dy wiken ek inkele blogs skreaun oer myn ferbliuw op it arkje. Dy 6 blogs ha ik hjir sammele.

Iensum?

Myn earste jûn yn de skriuwersarke fan Rink van der Velde. Ik rin wat ûnwennich om 'hûs' wylst de stilte my oer it mêd komt. Stilte? Nee, earder de iensumens, want der binne fûgellûden genôch. Mar gjin radio (der stiet in radiokassetterecorder út de oertiid mei hast gjin ûntfangst) en gjin televyzje. De taseine ynternetferbining docht it net. Ek gjin smartphone meinommen. Ik bin oerlevere oan mysels. Ik jou my dus mar del op de feranda fan it arkje. It is de oergong fan maitiid nei simmer. De wyn giet lizzen, de sinne kleuret de himel yn read en oranje. De simmerjûn is fol fan fûgellûden. Boereswellen en toerswellen litte artistike kaprioalen sjen, de eksterspjocht hammeret driftich op de walnút om fan it spjochteplankje, dat oan ien fan de beammen spikere is, in leppelbek fljocht rêstich yn de rjochting fan de Wide Ie, de koekoek docht syn namme eare oan, de markol soarget der mei syn seinlûden wol foar dat er net fergetten wurdt.

De nacht lûkt stadichoan oer it petgat. It wurdt stil, sels de lyster siket syn sliepplak op. In flearmûs giet sigesaagjend oer it wetter. Ik reitsje ûnder de tsjoen fan dit momint: de wiffe omslach fan jûn nei nacht. Krekt as ik tink dat dit wol hast it 'Keninkryk op ierde' is, wurd ik út myn slomme wekker skrille. De neven komme mei kloften, de gnobben (lytse stekkende rotmichjes) fine blykber mar ien proai en nestelje harren, ien fan geast, yn myn hier en klean. En dan de kikkerts! In ûnbidich koar fan kikkerts nimt de nacht yn besit mei oerdwealsk gekweak. Dy ferrekte bisten hawwe my de heale nacht út de sliep hâlden!

(1 juny 2011)



Bamby

Op sneontejûn rin ik by ien fan de petgatten lâns by de skriuwersarke fan Rink van der Velde. Rinne is net it goede wurd, ik bin oan it omstrunen. Fan petgat nei strewiel, fan sleat nei sompich lân. De loft is helder mar it waait aardich. Yn de fierte binne boeren yn de kuil no't se nei 1 juny it gers yn dit natuerlân meane meie. De grûn is earm, mar fol mei blommen en krûden. It is sels hjir slim droech, ek al hear ik dat de grutte wynmotor 'Herkules' wakker oan it meallen is om it wetter op peil te hâlden.

Ik rin fierder en fierder. In hoanskrobber (kiekendief) hinget yn de loft, in swan dobberet yn de sleat en sjocht my mei de skeane nekke oan. Alles giet syn gong en is rêstich, ik wurd al gau ûnderdiel fan it gehiel. Earst rûn ik alles te besjen as nei it dekôr fan in toanielstik. Mar yn de koartste kearen bin ik it toanielstik ynrûn en part wurden fan de foarstelling. Der sit op 15 meter in hazze. Dy jout my ek gjin inkeld omtinken. Apart. Gewoanwei sjoch ik de earen fan in hazze omheechkommen, dan skat it bist syn kânsen, en meastentiids naait er dan as in hazze út. Mar dizze bliuwt gewoan sitten en lit him syn miel net fersteure. Nei in skoftke begjin ik te praten tsjin dy nuete hazze. Hy docht syn kopke omheech en giet wer fierder mei iten. Samar ynienen komt der út de ruskepôlen, deun neist de hazze, it jong fan in ree omheech. In lytse Bamby! It bistke huppelet bliid op my ta as wie ik syn mem, en giet oan myn fuotten sitten. Syn kraalechjes stoarje my oan as woe er my freegje 'wat dochsto hjir?' en 'hast ek in bytsje molke foar my?' Ik bin ferstuivere. Fan de weromstuit doch en sis ik neat. Ik stean as in stânbyld. Yn myn eachhoeke sjoch ik in grutte ree dy't omheechkomt en weiwurdt yn de boskjes fan it petgat.

It taferielsje duorret miskien in pear minuten. Dan rint Bamby wer werom nei syn ruskepôlen, sjocht noch in kear om, en giet wer lizzen. It bistke hie der mear fan ferwachte, tink? Ynienen is er wer hielendal fuort, en kin ik him amper mear fan syn omjouwing ûnderskiede. Nei in skoftke is de tsjoen foarby en rin ik werom. De hazze draait syn kopke noch efkes om as groet, ik sjoch de eagen fan Bamby noch efkes skitterjen yn de pôlen. Mem ree eaget my út de fierte wei nei.

Fernuvere rin ik werom nei de dyk. Wat in rêst en feilichheid. Wat in hearlikheid om bisten te sjen sûnder eangst yn 'e eagen. Wat in genede om sa akseptearre te wurden! As ik it lân útrin, hear ik mysels de wurden fan it gedicht 'Paradys' fan Fedde Schurer preuveljen.

Paradys

(Genesis 2:8)

Alear ha 'k wenne yn 't hôf fan Eden,
dêr't ik no sa fier fan ôfdwaald bin,
omjûn fan alle hearlikheden
sa't nea in minsk betinke kin.

O blide tunen en rivieren,
o klare loft, o goede grûn –
ik koe de taal fan alle dieren,
haw ider bist syn namme jûn.

En God wie altyd om my hinne,
myn libben wie mei sines ien.
Ik koe him oan de waarme sinne
en oan it rûzjend beamtegrien.

O paradys, sa grien begerze,
myn hert lûkt nei syn oarsprong ta;
en altyd sil 'k ûnwennich wêze
salang't ik dy net werfûn ha.

Samle fersen, 470 (omstaverre)

(4 juny 2011)

Langstme

Yn de skriuwersarke fan Rink van der Velde ha ik in pear wiken 'tusken troch' waar hân. It wie net waarm en it wie net kâld; it reinde sa no en dan ferheftich, mar meastentiids wie it droech; it waaide oerdei, mar jûns kaam 'it lûd fan in lichte koelte'. Mar no ynienen is it waar omslein en hawwe wy in pear hiele waarme dagen. Juster wie in skitterjende sinneskynde fan 30 graden. Bûten sitten oant djip yn de nacht, de toerswellen gierjend oer de holle gean litten, in jûn swier fan hast oan te reitsjen yntimiteit.

Hjoed is it slim simmer. It is near en dompich. It docht my weromtinken oan de jierren dat wy op de evener wennen yn Kameroen. Dêr wie it hast altyd sok waar: it waar fan swit, fan skimmel en fan ûnferfolle langstme. De ôfrûne wiken wienen goed foar it skriuwen en lêzen. Mar hjoed is alles klam, myn ferstân wurdt sjerpich, myn geast doarmet om. De feranda noeget út om te sitten, te stoareagjen, te fierkjen oant de kimen ta. Langstme en melangoly fjochtsje om it earste plak. Ik dream fan in wrâld sûnder ivich geweld en ûnrjocht, fan in libben yn harmony mei de skepping, fan in tsjerke dy't út de bân springt, fan yngewikkelde relaasjes dy't einliks har gerak krije, fan myn djipste ferlangens dy't wurden te boppe geane. Ik bin hjir net thús, wol hjir net thús wêze. Mar ik begroetsje wat ik fan fierrens sjoch. It waar slacht om. De taseine tongerbuien komme mei krêft. Myn tinzen wurde ôfkuolle troch de rein, ferwaaid troch de hurde wyn. Ik fjochtsje dertsjin. Ik wrakselje om myn eigen sochte melangoly en iensumens noch efkes fêst te hâlden, my noch efkes te wuoljen yn selsmeilijen. Mar de tonger en it wjerljocht binne sterker. Ik huverje wannear't ik de arke yn flechtsje wylst it binnen noch hieltyd mear as 30 graden is. Dy nachts driuw ik myn bêd út en dwylje ik yn stoarmich waar oer in lânskip mei petgatten fol fan leafde en langstme.

(28 juny 2011)

Digitale dominy: DDD en WWW

Dit blog hat in miskien wat kryptyske titel meikrigen, mar it giet oer De Digitale Dominy yn relaasje ta it World Wide Web. Ik hie mysels te'n doel steld om yn myn stúdzjeferlof ris wat nei te tinken oer in media-strategy foar dominy's. No't ik fiif wike op De Feanhoop yn de Skriuwersarke sit, kin ik hjir moai oer neitinke. Ik ha hjir gjin lêst fan digitale ûnrêst: televyzje noch ynternet; 'smartphone' noch 'tablet'. Gjinn better plak om nei te tinken oer in media-strategy. Want wat moat ik as dominy mei alle digitale útdagings? Moat ik aktyf wurde op facebook? In eigen webside bouwe? Twitterje? Ik ha der no al wurk fan om alle e-mail op tiid te beânderjen.

Ik wurd hinne en wer slingere tusken tsjinstelde tinzen. Ik wol fansels net foar âlderwetsk fersliten wurde: 'sjoch, dy dominy hat syn preek noch op papier, en net digitaal op 'facebook' of webside.' Of: 'sjoch, dat is dy saaie dominy dy't syn preken net tagonklik makket mei moaie plaatsjes op de beamer'. Of: 'sjoch, dat is dy dominy dy't net iens twitteret'.

Oan de oare kant kin ik myn tiid wol op yn myn gewoane wurk. Hoe kom ik ta oan al dy digitale kontakten? Ik ha kontakten genôch! Ik wol ek net allinne imazjinêre kontakten hawwe mar minsken 'live' meimeitsje. Ik wol gjin 'community' op ynternet bouwe, mar in gemeente fan minsken dy't elkoar 'live' moetsje: fan minsken dy't harren gelok en fertriet, harren ynspiraasje en frustraasje by elkoar kwyt kinne. En dy't tagelyk op 'e nij opladen wurde troch wurden en symboalen dy't ús fier te boppe geane.

Oan de iene kant wol ik ferhipte graach in iPhone hawwe. Wat in prachtige technyk. En in iPad is ek ferhipte maklik. Dan kin ik oeral e-maile en twitterje en bin ik net beheind ta myn thúswurkplak. Bin ik oeral en altyd 'on-line'. Mar oan de oare kant bin ik skeptysk. Sûnt wannear kin it bliid boadskip twitterjendewei ferkundige wurde? De preken binne miskien wol koarter wurden, mar om it boadskip no ta 140 tekens te beheinen? Wy binne as dûmny dochs de minsken fan it wurd! En gjin kwinklearjende fûgels? Mar tagelyk betink ik dat de earste kristenen yn Rome der ek al wat fan koenen. Dy betochten yn de tiid fan de ferfolgingen koarte boadskippen. Ichtus, it Gryksk foar fisk, foarme yn wurd of tekening in geheim boadskip. De earste letters fan de Grykske wurden: 'Jezus Kristus, Gods Soan, Rêder' meitsje Ichtus. Dat binne 25 tekens en ek noch ris ôfkoarte ta 6!

De útkomst fan dit yngeande ûndersyk is fansels dat eltse dûmny sels syn of har kar meitsje moat. It hat mei styl en foarkar te meitsjen. Mar wy kinne net hielendal sûnder. Ik kin my net yntinke dat der dûmny's binne sûnder e-mail. Dy elektroanyske post hat ús wurk yn 20 jier folslein feroare. En dat sil yn de kommende jierren trochgean mei nije ûntwikkelingen. It is ôfwachtsjen hokker kant it opgiet. Nije techniken en kultuerfoarmen binne net ferkeard, it is mar krekt hoe't wy dy brûke, ek yn tsjerkewurk. Foar mysels jildt dat ik gewoan skerp hâlde moat wêr't it om giet: it heechhâlden fan Jezus syn boadskip fan leafde en genede, fan frede en rjocht.

Ik bin der sa njonkenlytsen al aardich út. Foar my earst gjin 'smartphone' of 'tablet' mei digitale mooglikheden op alle oeren fan de dei. Dat past net by my. Ik wol net hieltyd mei twa of mear saken tagelyk dwaande wêze. As ik rin, dan rin ik, as ik bid, dan bid ik, as ik lês,

dan lêst ik, as ik mei immen praat, dan praat ik mei immen. As ik digitaal gean wol, dan gean ik digitaal op myn eigen tiid en oere. Mar der komt wol in webside mei myn eigen profyl. DDD is te finen op it WWW. Wa't my dan nedich hat, kin my fine.

(1 july 2011)

Dominy yn skriuwersarke

De bylden dy't minsken hawwe fan myn ferbliuw op de skriuwersarke binne aardich stereotyp. Steefêst krij ik fragen oft ik no in kluzener bin dy't hjir net wei mei, en oft ik my net fertutearje lit. It byld hearsket dat ik hjir libje as pake Sytze. Fan kollega Pieter Versloot op it haadkantoar yn Utert krige ik al in fermaaklike e-mail mei as titel: 'Geen woestijnvader, maar woonbootvader!' Mar hoe apart as minsken it ek mar meitsje wolle, de realiteit is dat it hiel saai, gewoan en iensum is om wikenlang allinne op de arke te wenjen.

'Wat dochsto dan de hiele dei', is ek in fraach dy't hieltyd wer op it aljemint komt wannear't ik efkes yn de bewenne wrâld kom. Dat is ek hiel gewoan. Ik wurd wekker, set tee, smar in stikje bôle en start myn kompjûter op. De hiele dei bin ik te finen op en om de arke. Wannear't ik skriuw: oan tafel en wannear't ik lêst: op de feranda. En wannear't ik wat fêstsit, dan meitsje ik mar efkes in kuier yn de omkriten. Jûns om alve oere harkje ik nei 'Met het oog op morgen' om wat by te bliuwen. Noch efkes in roman lêze op de feranda mei in slokje en in sigaar, en dan koese yn alle stilte. Hearlik! Mei oare wurden: der bart hjir in ferhipt lyts bytsje. It ienige dat ik feroarjen sjoch is myn boekje. It is groeid fan neat ta hast hûndert siden. Dat liket derop!

Mar ... der is ek in oar ferhaal te fertellen. Ik kin lyrysk wurde oer wat der hjir allegear wol net bart. Want 'Schiphol' kin net tippe oan de fleanbewegings dy't hjir yn in oere plakfine. Sûnder in soad op paad te gean ha ik hjir de folgjende fûgels meimakke, en ik neam it sa't it yn my opkomt: boereswel, hússwel, toerswel, roek, swarte krie, ka, houtekster en ekster, houtdo, turkske toartel, koekoek, readboarstke, geal, blaumies, swartkopmies, blauspjocht, blokmies, skelfink en grienfink, mosk en protter, beampiper, klyster en bûnte lyster, karrekylt en reidsjonger, boumantsje, mûzebiter en hoarnskrobber, reade wikel en ûle (ik wit net hokker it wie, mar it wie gjin goudûle), fazant, reidhintsje, markol, wylde ein en tûfein, guozzen en ielreager, earrebarre en leppelbek, ljip en strânljip, skries en wylp, tsjirk, knobbelswan, hjerringslynder, ielgoes, kob, sulvermiuw en wytstirns.

Ik leau dat ik no de measten wol hân ha, útsein dy lytse ûnderkrûperkes dy't ik net goed beneame kin. Soks is foar in soad minsken miskien net spektakulêr, mar ik genietsje der folop fan. In pear dingen dy't my oerkommen binne yn dizze wiken springe derút:

- Ik kaam yn de earste dagen it jong fan in ree tsjin. It bistke kaam huppeljend op my ta en gie oan myn fuotten lizzen. Geweldich!

- Healwei myn ferbliuw skaaide der moarns betiid wat om op de feranda. Wrachtsjes, der rûn in harmelinkje (hermelijn) hinne en wer. Nei in skoftke kaam it bistke efkes yn 'e hûs, seach rêstich om him hinne, en draaide my de rêch wer ta. Ik wie alwer ferstuivere!

-Mar it moaiste fan de wiken yn juny wienen de eksterspjochten. Op ien fan de beammen

op de pôle is in spjochteplanke spikere. Eltse dei kamen heit en mem eksterspjocht mei twa lytsen nei de spjochteplanke om fan de walnuten te iten en fuorre te wurden. Wat in feest! Net spektakulêr? Nee, it ferbliuw op de skriuwersarke kin hiel saai, gewoan en iensum wêze. Mar wa't each hat foar floara en fauna, sjocht him de eagen út de holle. Wat is de skepping moai! Wat binne de petgatten ryk! Wat moatte wy wiis wêze mei It Fryske Gea!

4 july 2011



Spjochteplankje



Ree mei Bamby



Harmeling



Eksterspjocht mei jong

De swel as toatem

Op 7 july 2011 belibje ik myn lêste jûn yn de skriuwersarke. It is in prachtige simmerjûn, de sinne stiet as in grutte reade bol leech oan de noardeastlike himel, de moanne heech yn it westen. Ik sykje foar dizze gelegenheid in dikke Italiaanske sigaar út dy't ik jierren ferlyn yn Milaan kocht ha. It is sa'n wynstille simmerjûn mei fiere lûden. Ta ôfskied doarmje ik noch ien kear troch de landerijen tusken de petgatten yn. Yn it hege gers jou ik my del, ien mei de natuer. It ienige dat my ferriedt is de sigarerook dy't as in swietrookoffer omheech stiicht. De sinne yn it gesicht, de rook fan it lân, de bisten om my hinne. De hoanskrobber sit heech yn in beam, en hawar de hazze sit der ek wer. Mem ree en Bamby, dy't aardich grutter wurden is yn dizze fiif wike, binne der om goeie te sizzen. De toerswellen fleane my flak boppe de holle lâns. De beamwâl fan it petgat stiet yn in goudene gloed fan beammen fol mei lysterbeien.

Ik mimerje oer myn skriuwerij fan dizze wiken en fernuverje my op 'e nij oer de kleau tusken de ynhâld fan de ferhalen út it bibelboek Hannelingen fan de Apostels (dy't ik yn dizze wiken besocht ha te ynterpretearjen) en de realiteit fan de tsjerkeskiednis. Ik lês de ferhalen út it perspektyf fan weimoffele taal, kastrearre kultuer en ûnderdrukte folken, sa't ik dat foaral

leard ha yn Afrika. Mar de (tsjerke)skiednis is spitigernôch makke en skreaun troch minsken út oerhearskjende talen en kultueren.

Hoe kin it dat by it pinksterbarren elts it hearde yn syn eigen taal, wylst it Frysk sa'n bytsje brûkt wurdt yn ús Fryske tsjerken? Hoe kin it dat de earste dopeling fan bûten it joadedom in swarte Afrikaan wie, wylst wy as Europeeske kristenen sa'n minne rol spile hawwe yn slavernij en rasisme? Hoe kin it dat Petrus learde 'dat God gjin ûnderskied makket tusken minsken', wylst wy net oars wend west hawwe as in maatskippij fan rangen en stannen? Hoe is it mooglik dat Europeeske sindelingen 'de heidenen' ta wite en Europeeske kristenen bekeare woenen, wylst sa'n hâlding de Joadske sindelingen perfoarst ferbean waard? Yn Hannelingen giet it der krekt om dat eltsenien kristen wurde kin *op eigen wize*! Hoe is it mooglik dat de earste dopeling yn Europa in frou wie, wylst froulju ieuwenlang twadderangs boargers bleaun binne yn de tsjerken? Hoe kin it dat Paulus tsjin de 'heidenske' Atheners sei dat God nea net fier fan harren ôf west hie, wylst in soad kristenen har foar oaren oer altyd mar wer superieur hâlde en drage?

Myn ferstân kin der net by... En dochs oerfalt my hjir lizzend yn it gers, mei in sigaar yn de mûle, de sinne yn it gesicht en de bisten om my hinne, in frede dy't alle ferstân te boppe giet. In skoft letter wurd ik wekker. De lea is my stiif, de stikels stekke my troch de broek hinne, de klean binne al klam, en ferjamme, de sigaar is fuortrekke yn it hege gers. Hoeden gean ik oerein en rin stadich wer werom. Ta myn grutte ferrassing is it dizze lêste jûn feest op de feranda fan de arke. It sit der fol mei boereswellen, grutte en lytse. De lytse sitte op de balustrade, de âlden fleane ôf en oan oer it petgat. Ik gean der tuskenyn sitten en it hinderet de bisten net. Op it lêst sitte de swellen op de râne fan myn sliepkeamersfinster, op de râne fan de doar dy't iepenstiet, op it finsterbank. It kin net op. De jongen wurde my hast op 'e skurte fuorre en binne net bang. Se fiele, tink, dat ik, krekt as sy, hinne en wer libje tusken Afrika en Fryslân. Wy binne ien. De swel is myn toatem. Dizze frede giet myn ferstân fier te boppe.

(8 july 2011)

